



Ons Friese Platteland, 15 december 1966
IJ.K. Tamminga

Mr. J. ALGERA †

Jowt it foech, sa ha ik mysels efkes öffrege, de okkerdeis forstoarne âld-rnister fan Wettersteat, mr. J. Algera, yn ûs krante to bitinken?

Mei de lânbou en ek mei de C.B.T.B. hat hy dochs net folle to meitsjen hawn yn syn libben. It is sa; mar fan de oare kant, de brieven en tillefoantsjes fan sibben en goekunde, dy't ik nei it skriuwen fan dit soarte fan stikjes krij, binne in oantrún it to dwaen.

Hy wie gjin minister fan Lânbou, mar dochs ek mei Wettersteat hat de lânbou tige to krijen. By âlds wie Lânbou in part fan Wettersteat.

Yn 'e lêste dagen fan syn minister-wêzen hat Algera noch to Ljouwert sprutsen. Wy ha him doe noch tige oanstien op it droechmeitsjen fan 'e Lauwerssé.

Hy fiede der alles foar en woe der dochs net rjocht op bite. In pear wike letter waerd dúdlik, hwerom net.

Doe frege hy, jammer, om syn sounens, ûntslach en hij woe blykber net foarút rinne op it wurk fan syn opfolger.

Algera syn heit wie bakker, mar oan memmekant siet hy djip yn it boerelân biwoartele, Mei de staech fan syn pake, nei hwa't hy nearnd wie, kin ik net fierder komme as bigjin 1800. Syn oerpake fyn ik dan yn 'e 30-er jierren.

Tjitse Jacobs de Boer krige f 100,- boete, omdat by him yn 'e pleats to Skearnegoutum in forbeane godstsjinstige byienkomst halden waerd.

Nou komt my fan alles yn 't sin. Sa bygelyks, dat syn âld-omke Tjalling Tjitses de Boer trouwe soe mei myn muoike Janke Tamminga, dy't in pear dagen foar it trouwen by it Weidumerhout yn 'e Snitserfeart fordronk.

Doe ik in lytse jonge wie, kaem syn pake, in foaroanman yn 'e Chr. ôfskieden tsjerke, noch wolris by ús en hear ik heit noch sizzen, as ris earne oer praten waerd: "Ik sil der Jabikom ris nei freegje!"

Letter hat syn beppe Fokeltsjemuoï by ús útfanhûze en syn mem Tjitske, freondinne mei myn âldste suster, alle winters.

En dan syn omke Tjitse, dy't earst yn 'e buorkerij wie en letter yn Kampen studearre.

Prefester Bavinck hie folle forwachtings fan him. Hy wie al sa fier, dat hy preke, mar hat, ta tige fortriet fan 'e hiele famylje mei de tsjerke brutsen en wol namme makke as prefester yn 'e âlde talen.

Oan memmekant kin ik mei de stagen fan Algera oan biglin 1700 takomme, Pieter Hendriks en Fokeltje Jensen wienen boer yn 'e Burdaerder kontrijen. Harren soan Hendrik boaske mei Sara Martens Hellinga. In pake- en beppesizzer, ek wer in Sara, troude mei Benjamin Hanzes Kroodsma en dizze jongelju komme wy om 1830 hinne tsjin op it Ljouwerter Nijlân

De dochter Fokeltje troude yn 1864 mei Jacob Tjitses de Boer, harren dochter Tjitske mei bakker Algera, de âlden fan mr. Algera.

Oant hy in 1952 minister yn it kabinet Drees waerd, hat mr. ALgera to Ljouwert tahâlden.

Hy wie warbei op folle mêd. Siet jong yn 'e Rie en yn 'e Steaten, waerd Deputearde., -

Fan syn hân is "Leeuwarden door de eeuwen heen", útjown by it 500-jierrich bistean fan Ljouwert.

Ik hie koart tiid en it boek is to flechtich skreaun, hat hy alris tsjin my sein. It griep ús tige oan, doe't wy hearden, dat hy fan 'e Dútsers oppakt wie en yn Skoorl siet.

Hy hat it trochstien en nimmen hearde al to nij op, doe't hy by it frij wurden op foarhân boargemaster fan Ljouwart waerd.

Hy wie tige biskie den, mar doe't hy inkelde dagen nei it frij wurden yn selskip fan 'e Canadeeske kommandant yn 'e auto de rounte troch de stêd die wie it him oan to sjen, dat it him dochs wol tige noaske.

Hy waerd keamerlid en doe minister.

It brocht, en it muoide ús yn Fryslân, mei dat hy nei De Haech forhuze.

Doe 't hy dêr in setsje wenne hie, moete ik him en syn frou.

"Jo sille hwat frjemd opharkje, mar wy binne yn De Haech noch nea in kear yn tsjerke west."

Hy woe syn eardere wykâlderling efkes narje. Hja hiene tsjinsten yn in lokael.

Wy meije oannimme, dat hy yn it bliuwende en bettere sté is, troch syn Heilân foar him rémakke.

Wy hiene him hjir noch hâlde wollen. Mar de Heare wie him hjir net mear brek.

Hy mei syn widdou en bern stypje.

POARTEBOER